


Skriv uwe  
yn Styl!



*De presidint*

IMO





Skriuwe yn Styl set yn op de ferbettering fan skriuwfeardigens. It bestiet út in set fan tematyske lessesearjes mei byhearrende taalrûntes. Skriuwe yn Styl behannelet in folslein oanbod oan stylgrepen en techniken dy't relevant binne om skriuwprestaasjes op alle tekstnivo's te ferbetterjen.

Foar jo leit de searje foar de presidint. Yn trije lessen leare learlingen techniken dy't se by taspraakteksten brûke kinne. Mei de twa meartalige taalrûntes bringe sy wat hja leard hawwe fuortendaliks yn 'e praktyk.

Skriuwe yn Styl heakket oan sjênredidaktyk en is goed te kombinearjen mei de tsien sjênres dy't Suzanne van Norden beskriuwt. By stylgrepen fan de presidint passe de tekstsjênres: proseduere, oprop, redenaasje en respons.



## Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.


Idee, tekst en ûntwerp: Sigrid Kingma en Klarinske de Roos

Earste printinge 2023

[www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl)

## Ynhâld

Hânlieding en eftergrûnynformaasje.....	4
Les 1 Werhelling.....	6
Les 2 Pathos.....	7
Les 3 Fergrutglês.....	8
Gearfetting.....	9
Taalrûnte 1 .....	10
Taalrûnte 2 .....	12
Ferdjipping.....	14



# Skriuwe yn styl: De presidint

Hânlieding foar de learkrêft

Foar jo leit de searje foar de presidint. Dy bestiet út trije lessen, kar út twa taalrûntes en in opsjonele ferdjipping.

*Let op: De lessen komme inkeld ta har rjocht by goed gebrûk. Lês dêrom earst de hiele hânlieding, it lesmateriaal en it antwurdfel goed troch foarôfgeand oan gebrûk yn de klasse.*

## Opbou

De lessen binne hieltyd op deselde manier opset. De yntroduksje en it diel 'Ferkenne' is bedoeld om klassikaal te behanneljen. Learlingen kinne dêrnei yn groepkes (3-4 learlingen is optimaal) fierdergean mei it diel 'Utlis' en 'Opdracht'. Beprate en evaluearje kin wer klassikaal. It antwurdfel is te finen op [www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl).

It ûnderdiel 'ferdjipping' giet oer it werkennen fan de techniken yn in besteande tekst. Dat ekstra ûnderdiel is bedoeld foar learlingen dy't de techniken gau troch hawwe en mear útdaging brûke kinne. De ferdjipping kin yn twatallen of yn groepkes útfierd wurde. De byhearrende taalrûntes slúte oan op de lessen. De oefening dy't de taalrûnte biedt is krusjaal om de skriuwtechniken yn de fingers te krijen en slút de searje passend ôf mei in publikaasje. It is wichtich dat yn alle gefallen ien taalrûnte nei de styllessen útfierd wurdt, mar it is hiel goed mooglik om beide taalrûntes te dwaan. Kontrolearje by oanfang fan in taalrûnte oft de kennis fan de oanlearde techniken hingjen bleaun is. De poster tsjinnet as helpmiddel om werom te ferwizen nei de oanlearde techniken. Foar in bliuwende learopbringst is it handich om geregeldwei by skriuwopdrachten te ferwizen nei in technyk dy't foar dy tekst relevant is.

## Ynfolling

Ofhinklik fan de ynfolling fan Frysk op skoalle, kin Skriuwe yn styl fleksibel ynset wurde.

1: Oer trije opienfolgjende dagen ien les behannelje, en de fjirde dei in taalrûnte.

2: Ienris yn de wike in les op in kreatyf oere, en de fjirde wike in taalrûnte.

## Kearndoelen

De feardichheden lêze, ferstean en skriuwe komme oan bod. Frysk praten wurdt oanmoedige, mar net ferplichte. It Frysk dat brûkt wurdt yn de ynstruksje, is frij dreech. De puer Fryske skriuwopdrachten yn de lessen binne ienfâldich. It giet dan om it manipulearjen fan besteande sinnen, net om it sels produsearjen fan tekst. Wannear't learlingen sels skriuwe moatte, mei de opdracht yn in foar har fertroude taal útfierd wurde. Foar in folsleine dekking op A-profyl foar it oanbod skriuwen folstiet it om by de byhearrende taalrûnten it Frysk as skriuwtaal te kiezen.



# Ynset Meartalige Taalrûnte

Eftergrûnynformaasje foar de learkrêft

Mei de meartalige taalrûnte passe de learlingen itjinge dat se niis leard hawwe ta op in tekst dy't se sels skriuwe. It is wichtich om de learlingen romte te bieden om har teksten te ferbetterjen én ferfolgens te publisearjen.

## Oandachtspunten foar it útfieren fan de meartalige taalrûnte:

De stappen fan de taalrûnte binne folslein útskreaun yn de lesbeskriuwings. Wolst dyn learlingen benammen yn it Frysk skriuwe litte? Dan kinne alle stappen yn it Frysk útfierd wurde. Wolst krekt romte biede oan oare eigen talen fan de learlingen of sels de kar jaan foar it gebrûk fan in taal? Dan joust by eltse stap oan yn hokker taal oftst ferwachtest dat learlingen reagearje, mei inoar oerlizze, of skriuwe.

Om't skriuwe mei help fan de taalrûnte in sosjaal proses is, is it oan te rieden om letterlik yn in rûnte te sitten. Wannear't learlingen it skriuwark ree hawwe sadat se, yn de rûnte sittend, al begjinne kinne mei it skriuwen fan de tekst, wurket dat posityf op de flow fan it proses. Ta ôfsluting fan de earste skriuwfaze litst in pear learlingen foarlêze wat se oant no ta opskreaun hawwe. Op in oar momint joust de tiid om de tekst ôf te meitsjen en de tekst te revisearjen.

## It revisearjen fan in tekst:

By it werskriuwen ûntstiet pas echt skriuwûnderwiis. It revisearjen moat net te lang neidat de tekst skreaun is plakhawwe, mar wol op in oar momint as dat de earste ferzje skreaun is. Kies in tekst út dy'tst mei learlingen beprate wolst. Freegje altyd om tastimming oan de learling. De skriuwer bliuwt fansels eigner en beslist úteinlik sels oft de foarstelde feroarings wol of net winske binne.

By it klassikaal redigearjen beheinst dy ta in pear besprekpunten: de skriuwtechniken dy't yn de trije lessen behannele binne. Ast op tefolle punten letst, wurdt it te lang en ferlieze learlingen it oersjoch. Set de besprekpunten op it boerd en jou wêr nedich noch wat praktyske oanwizings hoe'tst tips en tops joust. Stavering en ynterpunksje komme noch net oan bar, it giet ynearsten om de ynhâld: is de tekst goed lêsbear, rint it noflik? Nei in koart besprek fan in pear oandachtspunten kinne de learlingen yn twatallen oan de gong mei har eigen teksten.

## It publisearjen fan de tekst:

De lêste fase is publikaasje. Learlingen kinne yn twatallen wurkje oan einredaksje: stavering, ynterpunksje en haadletters neirinne. Tink goed nei oer mooglikheden om de teksten fan learlingen te publisearjen. Krekt dat makket it skriuwen betsjuttingsfol! Bygelyks:

Tydskrift

Dichtbondel

Portfolio

Webside

Skoalkrante

Posters



# Les 1: Werhelling

Soms bliuwt in útspraak hingjen. Ynienen kent elkenien it. Wannear bart soks en kinst dat ek stjoere? Ja dat kin!

## Ferkenne

Lês de útroppen. Skriuw op wat dy opfalt.  
Oerlis: kenst ien of mear útspraken? Wêr fan?  
Hoe kin it datst dy útspraak ûntholden hast?

*Oant moarn*

*Yes we can!*

*Hakuna matata*

*I have a dream*

Hasto in moaie slachsin?  
In motto, striidkreet of in dúdlik  
boadskip fan ien koarte sin?

Brûk dy dan faker yn dyn tekst.  
Dat hat in dramatysk effekt en  
sa joust dyn tekst in eigen lûd.



Utlis

Hoe binne al dy bekende útspraken bekend wurden? Net troch se mar ien kear te brûken, mar troch se te SPAMMEN! Wês net beskieden ast wat moais betocht hast, soargje dat it by dyn publyk hingjen bliuwt. Werhelling is in sterk stylmiddel foar sprekkers, en foar elkenien dy't wat oerbringe wol.

---

## Opdracht

Nim in ferhaal út dyn eigen of elkoars skrift. Feroarje it ferhaal troch ien sin te kiezen en dy op in oar plak yn de tekst te werheljen. Hast der net sa'n geskikte sin yn stean?  
Betink dan in wurd of motto dat by dy tekst past, en set dat der twa kear yn.  
Wikselje út en ferlykje mei inoar. Bliuwe jim werhellings hingjen?

---

Klear? Lokwinske, do kinst werhelje! Noch twa leskes en dan bist klear foar in taspraak!



# Les 2: Pathos

*'Hè toe no mem. Bist de leafst mem fan de hiele wrâld as ik ..... mei.'*

Komt dat bekend foar? No learst hoe't it wurket en ek wannear't it net wurket.

## Ferkenne

Hjir ûnder stean 5 arguminten foar in stelling.  
Twa derfan binne op basis fan emoasje.  
Hokker binne dat?

Jim moatte Edwin helpe want ...

1. it is sneu as it him net slagget.
2. dan is it earder klear.
3. dat heart no ien kear sa.
4. dat hat de juffer sein.
5. jim binne der sa goed yn.

Ast pathos faker by deselde persoan brûkt, wurket it minder goed.

Sadree't minsken dyn trûkje trochhawwe, binne se net mear te oertsjûgjen.

Basearje dyn arguminten dêrom nea allegear op pathos.



## Utlis

Ynspylje op in oar syn gefoel is in effektive manier om wat dien te krijen. Dêr hienen de Romeinen al in wurd foar. Se neamden it pathos. Dat betsjut emoasje. Is der ûnrjocht, ôfgeunst, wraak, fertriet, tankberens, lilkens, grutskens of langstme? Meitsje it grut! Emoasjes oproppe helpt om dyn ferhaal krêftich oer te bringen. It lit ek sjen datst empathy hast, sadatst betrouber en sympatyk oerkomst.

## Opdracht

Kies elk twa fan de ûndersteande útspraken. Betink der in pathos-argumint by.

Wy moatte jaan oan it goede doel, want ...  
Ik wol sa graach in hûsdier ha, want ...  
Gean no net nei bûten ta, want ...

Ferlykje mei inoar. Hoefolle ferskillende arguminten hawwe jim betocht by ien útspraak?

Klear? Lokwinske, do behearskest pathos!  
Noch ien leske en dan skriuwst as in sprekker!



# Les 3: Fergrutglês

In presidint wol in boadskip oerbringe. Dat giet it bêste as de tekst in dúdlike haadrolspiler hat. Lit dy it mar belibje!

## Ferkenne

Lês fragmint 1 en 2. Skriuw op wat dy opfalt.  
Oerlis: hoe ferskille de teksten fan inoar?  
Hoe lykje se op inoar? Hokker tekst fynst better?

1. *Minsken moatte ris wat faker nei inoar harkje.  
Net direkt oardielje, mar gewoan oanheare.*

2. *Ate fynt it noflik om tsjin syn hân te praten.  
De hân laket him net út en sprekt him net tsjin.  
De hân rint gewoan mei him mei en harket.  
Dat dogge oare minsken net, harkje.  
Kinne minsken net wat mear as syn hân wêze?*

Om it fergrutglês goed te brûken, moastst observearje. It giet om details en eigenskippen. De lytse dingen reitsje ús it meast.

In goede taspraak is fakmanskip. In dûmny skriuwt alle wiken sels in tekst. In politikus hat faak in fêste speechskriuwer yn tsjinst. Moai baantsje foar dy?



## Utlis

In sprekker brûkt in fergrutglês. Dy rjochtet dat op ien persoan en ien boadskip. Leafst mei safolle details as mooglik binne. Krûp yn de hûd fan dy iene persoan en soargje dat dyn publyk hielendal meilibje kin. Dan kinst dyn boadskip kwyt yn foarfallen en konkrete situaasjes. Dat makket dyn boadskip subtiler en dyn ferhaal sterker.

## Opdracht

Brûk in fergrutglês op in bekend persoan. Dyn sportlearaar of in omke of nichtsje. Kies ien dy't net bekend is yn de klasse, dan kinst lekker oerdriuwe en ek wat pathos brûke. Beskriuw yn trije sinnen fan dy persoan it uterlik of it karakter. Begjin en einigje mei de sin:

*'Net ien is perfekt.'* of *'Tk fyn dat sa knap!'*

Of betink sels in moaie begjinsin dy't past by de persoan. Wikselje jim ferhalen út. Past de werhelle sin by de tekst? Binne der ek emoasjes brûkt yn de beskriuwing?

Klear? Lokwinske, do behearskest it fergrutglês!  
Tink om alle trije techniken fan de presidint en dan bist in baas sprekker!





DE STYL FAN

# DE PRESIDINT

## Les 1: Werhelling

Soargje dat elk dyn útspraken ûnthâldt.

*Oefening is hiel belangryk. → Oefenje, oefenje, oefenje!*

## Les 2: Pathos

Brûk emoasje om dyn ferhaal krêft by te setten.

*It is goed om te helpen. → Dy earme minsken ha ús nedich.*

## Les 3: Fergrutglês

Redenear út in persoan wei dy'tst yn detail beskriuwst.

*Iensumens is net goed. → Se sit oeren foar it rût.*



# Taalrûnte 1: Dyn held

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen skriuwe in oade oan ien dy't se kenne en wurdearje. (tink oan âlden by memmedei/heitedei of in held of spesjaal persoan)
Materiaal	Papier en pinne
1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	Freegje learlingen: 'Wa soe dyn 'held' wêze kinne? Wa is spesjaal foar dy?' Lit learlingen mei ien of in pear wurden reagearje, tempo deryn hâlde.
2. Introduksje ûnderwerp	We sille hjoed in tekst oer ien dy't bysûnder is foar dy. Mooglik fertelst as learkrêft wat út eigen ûnderfining: 'As ik oan helden tink, moat ik altyd tinke oan ...' Ferbyn ek mei de styllessen dy'tst jûn hast en jou oan dat learlingen itjinge dat se dêr leard hawwe, no brûke kinne. <ul style="list-style-type: none"><li>• Fergrutglês</li><li>• Werhelling</li><li>• Emoasje</li></ul>
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Wat soest foaral oer dy spesjale persoan fertelle wolle?
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Meitsje in listje mei eigenskippen of skaaimerken fan dy spesjale persoan.



<p>5. Opdracht foar twatalpetear</p>	<p>Fertel dyn maatsje oer de ferskillende eigenskippen en skaaimerken, fertel wêrom't krekt dy eigenskippen dy persoan sa bysûnder foar dy meitsje.</p> <p>Dyn maatsje harket goed nei dy en stelt fragen:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Wêrom fynst dat bysûnder?</li> <li>• Hokker eigenskip fynst belangryk?</li> <li>• Hs dy persoan in foarbyld foar dy?</li> </ul> <p>Dêrnei wikselje!</p>
<p>6. De skriuwoopdracht en oan de gong</p>	<p>Skriuw in tekst der'tst yn fertelst wêrom't dy persoan sa spesjaal is foar dy. Brûk watst leard hast by de 'presidintlessen'.</p>
<p>7. Foarlêsrûnte</p>	<p>Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.</p>



# Taalrûnte 2: Op de sjipkiste

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen skriuwe in taspraak oer in ûnderwerp dat harren bot rekket der't elkenien fan witte moat. Tink oan ûnrjocht, miljeu, problemen yn de buert,
Materiaal	Papier en pinne
1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	Hast wolris wat lêzen of heard op ynternet of tillefyzje der'tst hast lulk of fertrietlik fan wurdst?
2. Introduksje ûnderwerp	We sille hjoed in taspraak skriuwe oer in ûnderwerp dat jim rekket, wat foar dy belangryk is en der't oaren wat fan witte moatte. Jou as learkrêft út eigen ûnderfining in foarbyld of brûk in berjocht út de krante of fan tillefyzje. Ferbyn ek mei de styllessen dy'tst jûn hast en jou oan dat learlingen itjinge dat se dêr leard hawwe, no brûke kinne. <ul style="list-style-type: none"><li>• Fergrutglês</li><li>• Werhelling</li><li>• Emoasje</li></ul>
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Ast no tinkst oan watst niis betocht of sein hast, wat makket dan datst sa lulk of fertrietlik wurdst? Wa kin dat fertelle?
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Meitsje in listje fan redenen wêrom'tst dy dêr sa oer fielst.



<p>5. Opdracht foar twatalpetear</p>	<p>Fertel dyn maatsje oer de ferskillende redenen. Dyn maatsje harket goed nei dy en jout feedback:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Kinst dy der wat by foarstelle?</li> <li>• Binne it goede redenen?</li> </ul> <p>Dyn maatsje stelt fragen en jout tips. Is der ynformaasje dy'tsto wol hast, en oaren noch net? Binne oaren it mei dy iens? Wat wolst earst fertelle?</p> <p>Dêrnei wikselje!</p>
<p>6. De skriuwopdracht en oan de gong</p>	<p>Meitsje de taspraak! Dat kin earst op papier, skriuw út watst sizze wolst. Brûk de tips út de lessen fan 'De presidint'.</p>
<p>7. Foarlêsrûnte</p>	<p>Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.</p>



# Presidint yn 3 lessen

## Ferdjipping

In dûmny brûkt syn skriuwtechniken alle wiken foar in taspraak. Besjoch in diel fan in preek fan Liuwe Westra en bepraat mei inoar.

Se lieten de Slachtekuier net trochgean, omdat der mar 5000 dielnimmer har opjûn hienen in heal jier yn 't foar. Mei 5000 minsken op jierbasis soene in protte tsjerken yn Fryslân har de hannen tichtknipe!  
Dan komt eefkes it dwerse idee yn jin op, om dan mar op eigen houtsjie op 'e selde dei de tocht al te rinnen. Leafst mei 13.000 oaren. Sjen litte fan 'Sjogge jim no wol?'

Sa'n hillige iver foar in goeie saak kin hiel wat losmeitsje, en dat witte wy yn Fryslân. Mar it kin ek hiel wat ferniele. Minsken kinne yn 'e ban reitsje fan in goeie saak, en alles dêrby opsette, en harsels ferfrjemdzje fan de lju om har hinne. Jo sjogge dat yn 'e polityk, yn ferienings, en yn tsjerken: in nije ynkommeling dy't him of har hielendal derby jout, om net te sizzen deryn stoart, en nei in pear moanne of in jier folslein opbaarnd en slim teloarsteld fuortgiet. Mei alle ellinde en fertriet dy't dêrby heart.

Dat seagen se mei Jezus ek barren. Hy gong sa bot yn syn boadskip op, dat de minsken tochten: Dit komt op 'e kop ferkeard. Petrus woe Jezus warskôgje, de famylje woe him meinimmê, sels de Fariseeërs hawwe him warskôge, en mooglik wie Judas syn ferried sa ek wol bedoeld: dit komt op 'e kop ferkeard, en dit moat ophâlde.

Pas letter hawwe se it begrepen: it moast sa, want it wie de ferfolling fan 'e Skrift. En as Jezus ien wike letter oppakt en krusige wurdt, dan begripe de learlingen: dat is de ferfolling fan Psalm 69, 'fan iver foar jo hûs wurd ik fertard'!

Hoe moat dat mei ús? Hoe moatte wy, as wy it goede sjogge, en wy merke dat ús krêften it net folhâlde, of dat wy de minsken om ús hinne kwytreitsje, dat de organisaasje it net oan kin om trou te bliuwen oan in idéaal?

It treastrike fan dit ferhaal fyn ik dan, dat wy beseffe meie dat Jezus it is dy't de Skrift wiermakket - en ien kear wiermeitsjen is genôch. As wy it net folhâlde, as wy it net folbringe - Hy hat it folbrocht, en ien kear folbringen is genôch. De wurden fan 'e wet, de hiele Skrift, dy freget derom om wiermakke te wurden. En dy is wiermakke, troch Him.

### Opdrachten

- Wêr sitte de werhellingen yn de tekst? Hokker wurden wurde werhelle?
- Wêrom hat de dûmny krekt dy wurden keazen om te werheljen?
- De dûmny brûkt it fergrutglês op 'minsken dy't yn de ban reitsje fan de goede saak'. Op hokker minsk(en)?
- Kinst in foarbyld fan pathos fine? Is de emoasje dêr effektyf brûkt?
- Hat de skriuwer nei dyn idee de werhelling te faak brûkt?  
Is dat ten koste gien fan de dúdlikens fan de tekst? Wat is eins it boadskip?





Skriuwe yn Styl makket diel út fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis en kin hiel goed kombinearre wurde mei de oare projekten fan dy line, bygelyks de Inktfluencer. De taalrûnte kin ek los fan de lessen van Skriuwe yn Styl ynset wurde by fierdere skriuwopdrachten. Sjoch foar mear ynspiraasje en lessen op [www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl).

Mei Skriuwe yn Styl hast in prachtige oanpak om Frysk en meartaligens op in natuerlike manier te yntegrearjen in it ûnderwiisprogramma. De techniken kinne taaloerstiigjend tapast wurde by al it fierdere skriuwen.

De lessen fan Skriuwe yn Styl en de bypassende taalrûntes binne sa beskreaun datst der as learkracht fuortdaalk mei oan de gong kinst. Wolst mear dwaan mei de taalrûntes, dan kinst dêr stipe by krije. Sjoch dan by it projekt 'Meartalige Taalrûnte'.

© 2023, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,  
NHL Stenden Hogeschool  
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert  
[lectoraatmg@nhlstenden.com](mailto:lectoraatmg@nhlstenden.com)  
ISBN 9789082883732

De útjefte is mei tastimming frij te brûken foar edukative doeleinen.  
Neat út de útjefte mei oerset of kommersjeel ferspraat wurde.

